



Frysk damjen

in koarte útlis -



It boerd


It spul hat itselde boerd as it ynternasjonaal damjen, it setten giet op deselde manier. It spul kin ek ek spyle wurde mei elk fiif skiven op de earste line. (FRYSK!)



It slaan

It slaan is skean, en der wurdt rjochtút en oerders slein. Tidens in slach mei der mar ien kear oer elk stik slein wurde.


Wyt slacht fan 45 (fia 25 en 14) nei 12.



Mearslach

Boppedat giet mearslach foar. Mar der is in ferskil yn de wearde fan de stikken. In wolf is mear wurdich as 1 skiif mar minder as 2 skiven.

Wyt moat hjir slaan fan 45 nei 5.



Slaan mei de wolf

In wolf mei ek 8 kanten út slaan en hoecht net fuort efter it lêste sleine stik stean te bliuwen. As men mei in skiif en mei in wolf deselde wearde oan stikken slaan kin, is it slaan mei de wolf ferplichte.

Wyt moat slaan fan 3 nei 26.

Wolfsetten

In wolf mei heechút trije kear efterinoar strike, dêrnei moat der òf slein wurde, òf der moat strutsen wurde mei in oar stik. De (earste) wolf is dan wer frij. Dizze regel ferfalt as ien allinnich mar in wolf (wolven) hat.

Winne 2 wolven tsjin 1 Ja! Mar de spiler hat mar 7 setten om it spul út te meitsjen, oars is it kamp, lykas 1 wolf tsjin 1 wolf kamp is.

Súkses!

Ekstra ynformaasje, toernoaien, apps en treningsguod:

Stifting WFD
Spulfoarm FRYSK!
It Dambûn Frysk Spul

www.frisiandraughts.com
www.frysk.info
www.friesdammen.nl